

Teltsjes fan Tellegen

Toon Tellegen – tekst | Douwe Dijkstra – yllustraasjes | Anne Tjerk Popkema – oersetting
| Regaad, 2017 | ISBN 978 90 82197 0 68 | hurd kaft | 88 siden | Leeftiid: 6 – 106

YNHÂLD

- Oer it boek** 1
- Koarte ynhâld** 1
- Oer de skriuwer** 2
- (Foar)lêze** 2
- Prate oer it boek** 2
- Oan de slach mei it boek** 2
- SKRIUWE** – betink in ferhaal by de yllustraasje
- SKRIUWE** – skriuw in brief
- SKRIUWE** – in ferlanglist
- SKRIUWE** – skriuw in brief
- ALFABATTLE**
- Wurkblêd** 1 6

OER IT BOEK

Teltsjes fan Tellegen is in boek mei alventritich ferhalen fan de grutte ferteller Toon Tellegen, selektearre út syn ûnbidich grutte oeuvre. De measte fan de 41 ferhalen binne selektearre út de bondels *Misschien Wisten Zij Alles* (2009) en *Iedereen Was Er* (2015).

It boek is eins hast in estafette: de bisten yn de 41 ferhalen jouwe it stokje troch oan in oar bist. Let mar ris op: it bist dat yn it iene ferhaal de twadde persoan is, is de haadpersoan yn it folgjende ferhaal. Om dat foarinoar te krijen, binne de net earder publisearre ferhalen *It wie nacht* en *Op in moarntiid kaam de kreeft* binne taheakke, en skreau Tellegen spesjaal foar dizze bondel it ferhaal *Doe't er moarns in kuijerke makke*. Sawol it earste as it lêste ferhaal gean oer sliepen.

It earste eksimplaar waard op 4 oktober – Bistedei – útrikt oan Toon Tellegen, dy't foar dy gelegenheid nei Ljouwert kaam wie. De earste printinge wie al gau útferkocht, ek om't it boek it goed die yn de saneamde 'sutelaksjes', wêrby't kroaden mei Fryske boeken by de doarren delgean. Dêrom is der yn 2018 in werprintinge makke fan it boek.

Dat der alventritich, 41, ferhalen selektearre binne, is net samar. It is in getal dat te krijen hat mei de Fryske skiednis. 'Op syn alventritichst' is in útdrukking dy't betsjut: traach, stadich, omslachtich. As in persoan of organisaasje op syn alventritichst wurket, docht er it rêstich oan en makket him folslein net drok. De útdrukking hat te krijen mei de stadige wize wêrop't de Steaten fan Fryslân, besteande út de ôffurdigen fan 11 stêden en 30 gritenijen, eartiids oerleine. Dat koe tiidslinend wêze.

Yn juny 2019 is dit boek opnaam yn de IBBY Honour List 2020 yn de kategory 'Oersettingen'. De IBBY Honour List is in twajierlikse list fan bysûndere berneboeken út mear as 75 lannen.

Tellegens wurk heart ta de moderne klassikers en is mei dit boek foar it earst ek yn it Frysk te lêzen. Regaad rjochtet him op de produksje fan Fryske oersettings. Douwe Dijkstra is as yllustrator oansletten by it yllustratoarekollektyf Knetterijns en makket wurk foar kranten, boeken en kulturele ynstellings. Hy wennet yn Grins. Anne Popkema hat in Frysk taalbuero yn Grins, hy is oersetter, universitêr dosint en Frysk taalûndersiker.

KOARTE YNHÂLD

De alventritich (= 41) *Teltsjes fan Tellegen* binne moderne fabels dy't geane oer de liuw, de oaljefant, de iikhoarn, de mûs, de kreeft, de swan en harren oare bistefreonen. Yn in wrâld dêr't dy bisten allegear hast like grut binne, prate se oer wat harren dwaande hâldt. De ferhalen binne faak wat mankelyk en filosofysk fan toan, mei in protte libbenswiisheid. De ferhalen yn dizze bondel binne koart, maksimaal twa bledsiden, en binne stik foar stik foarsjoen fan in prachtige yllustraasje makke troch Douwe Dijkstra.

OER DE SKRIUWER

Toon Tellegen (1941) waard berne yn Brielle (SH). Hy is skriuwer, dichter en dokter. Hy is foaral bekend fanwegen syn bisteferhalen. Syn earste ferhalen skreau hy foar syn bern. Yn 1984 ferskynde syn earste berneboek: *Er ging geen dag voorbij: negenenvertig verhalen over de eekhoorn en de andere dieren*. Yn de ferhalen van Tellegen spylje bisten faak de haadrol. Der is altyd mar ien eksimplaar per bist, noait in keppeltsje. Sa ûntstean der moetingen tusken bisten dy't inoar yn de echte wrâld noait moetsje kinne, lykas de dolfyn dy't by de sprinkhoanne yn de winkel komt. De ferhalen binne faak filosofysk fan aard. Humor is noait fier fuort, lykas ferwûndering en ûntroering. Yn de ferhalen fan Tellegen liket alles te kinnen, ôfstannen en tiid lykje net te bestean. Tellegen wûn in grut oantal prizen foar syn wurk.

(FOAR)LÊZE

Bern fan in jier of 9 ôf sille it boek sels lêze kinne, foarlêze kin al fan in jier of 6 ôf. De krêft fan Tellegen syn ferhalen sit deryn dat se foar lêzers oant mei 106 jier nijsgjirrich binne. Yn likernôch 41 (foar)lêssesjes binne de 41 haadstikken fan dit boek út te lêzen. Yn it boek stean faaks wurden dy't de bern net kenne of lestich fine om út te sprekken. Mei de goede begelieding is it in moaie manier om it Frysk te ferbetterjen.





PRATE OER IT BOEK

It stellen fan de fraach 'Wêr gong it boek oer?' is faak net sa'n produktive wize om mei learlingen oer in boek te praten. Sy witte meast de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details. In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken, is ûntwikkele troch de Ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers. Hy beskriuwt dy yn syn boeken *Vertel eens* en *De leesomgeving*, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012. De *Vertel eens*-oanpak komt derop del dat de learlingen en learkrêft oan 'e hân fan de folgjende basisfragen oer it boek prate, as dat út is:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy't net kloppen?).
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Dingen dy't hieltyd weromkomme yn it boek?).

Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden yn kolumnen op it boerd. Binne der linen te lûken fan de iene nei de oare kolom? Binne der dingen dy't faker werom komme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op? Learlingen dy't oefenje om in boek op dy wize te besjen, sille letter mear bysûndere dingen opfalle.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK


It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

SKRIUWE – betink in ferhaal by de yllustraasje



Betink in ferhaal by de yllustraasje dy'tst fine kinst op **Wurkblêd 1**. Dizze yllustraasje fan Douwe Dijkstra stiet by ien fan de ferhalen yn de bondel. Lês dit ferhaal *net*. Skriuw sels in fabel by dizze yllustraasje.

Yn in fabel hawwe bisten faak minsklike eigenskippen: antropomorfisme hjit dat. Bisten, soms ek planten, kinne prate en gedrage har as minsken. Se binne wiis, tûk, jaloersk, gjirrich of idel bygelyks. Meastentiids hawwe de personaazjes ien oerhearskjende eigenskip. Faak sit der in moral yn it ferhaal, dat betsjut dat it oer goed en kwea giet en dat it goede yn it ferhaal oerwint.



Sjoch goed nei de yllustraasjes. Dat kin yn print of op it digiboerd. Beäntwurdzje de folgjende fragen.

1. Sjoch hiel goed nei de ôfbylding. Skriu op watst sjochst.
2. Wat soe der oan dizze sêne foarôfgongen wêze?
3. Wat doe der nei dizze sêne barre?
4. De yllustrator hat gjin omjouwing en eftergrûn tekene. Hoe soe dy omjouwing derút sjen?
5. Wat sit der presys yn de fleskes yn de koffer?
6. Wêrom soe de kreeft dit sjen litte oan de mûs?
7. De mûs stiet op twa boeken. Lit dizze twa boeken ek in rol spylje yn dyn ferhaal. Betink sels wêr't dy boeken oer gear.
8. Kies ien oerhearskjende karaktereigenskip fan de mûs.*
9. Kies ien oerhearskjende karaktereigenskip fan de kreeft. *

No'tst dit allegearre opskreaun hast, kinst sels oan de slach mei it skriuwen fan dyn fabel. It ferhaal moat minimaal tweintich rigels lang wêze.

* Yn in fabel wurket it faak goed as de iene persoan in goede eigenskip hat, en it oare personaazje in minne eigenskip hat.

Minne eigenskippen

- idel
- hebbich
- gjirrich/deun
- jaloersk
- fretsuchtich
- wraaksuchtich
- poerrazend
- lui

Goede eigenskippen

- wiis
- ferstannich
- rjochtfeardich
- mei selsbehearsking
- moedich
- leafdefol

SKRIUWE – in ferlanglist

Lês it ferhaal *Op in dei iepene de krikel...* foar.

Fariant: lit it ferhaal – yn stikjes – foarlêze troch learlingen.

Besprek it ferhaal nei. Fragen kinne wêze:

- Wat fynst moai/goed oan it ferhaal?
- Wat fynst net sa moai/goed oan it ferhaal?
- Wat fynst frjemd oan dit ferhaal?
- Wat fynst grappich?

Ynliding foar de opdracht



Skriuw in ferlanglist foar dysels

In ferlanglist makkest faak foar dyn jierdei, Sinteklaas of Kryst. In boadskippebriefke is yn feitlik ek in ferlanglistje. Mar neist spullen en dingen kinst ek langje nei in hiel oar soarte saken. Nei dingen dy'tst net fêsthâlde kinst, lykas winsken, dreamen en langstmen. Tink oan bygelyks de sinne op dyn hûd, dat beppe net mear dea is, noait mear húswurk of frede foar alle bern op 'e wrâld.

Tink goed nei oer watsto op dyn ferlanglist hawwe wolst. It meie gjin dingen of spullen wêze dy't op dyn list komme. Allinnich winsken, dreamen en langstmen. Skriuw no sels in ferlanglist mei dêrop minimaal trije wurden of trije sinnen.

Lit maksimaal trije learlingen harren listje foarlêze. Dat kin allinnich op frijwillige basis, want der kinne fansels hiel persoanlike dingen op sa'n listje stean dy't in learling net samar diele wol mei klassegenoaten.



Fariant – skriuw in ferlanglist foar in oar

De sprinkhoanne skriuwt sels dingen op de ferlanglist foar de noashoarn. Lit no elke learling eat skriuwe op de list fan in oare learling, wat soe syn/har winsk, dream of langstme wêze? NB let goed op dat hjir net grappich bedoelde pesterijen ûntsteane.



Fariant – skriuw in ferlanglist foar de polityk

Ast in ferlanglist skriuwe mochtst foar de polityk (gemeente, provinsje, lân, Europa, Feriene Naasjes) wat soesto dêr dan op sette? Neam ien ding. Besprek dit mei de klasse.



Fariant – rûntepetear – de ferlanglist fan de ierde

As de ierde in ferlanglist skriuwe soe, wat soe dêr dan op stean?

SKRIUWE – skriuw in brief



Yn de ferhalen fan Toon Tellegen skriuwe de bisten inoar faak in brief. Sa ek yn dit boek yn de ferhalen *Op in dei skreau de tuorre in brief oan de kever* en *Bêste mosk...*, wêryn't de mosk in brief skriuwt oan de krie.

Stap 1 – Kies in bist datsto wêze wolst foar dizze opdracht. Skriuw it op in briefke, set dyn namme der net op. Tear it op en jou it oan de dosint. De dosint docht alle briefkes yn in doaze, slúf of pet. Unthâld goed hokker bist asto keazen hast.

Stap 2 – Lit elke learling ien briefke derút helje.

Stap 3 – Oan de slach. It bist datsto opskreaun hast op it briefke, stjoert in brief nei it bist dat op it briefke stiet datst pakt hast. Tink goed nei, wat soe it iene bist skriuwe nei it oare? Humor en oerdriuwing en absurdisme – gek en frjemd - mei! Sjoch foar ynspiraasje noch efkes nei de karaktereigenskippen by de opdracht 'skriuw in ferlanglist'.

In brief begjint altyd mei in oanhef. Bygelyks:

Bêste/Leave.../Alderbêste .../Foar...

Underoan seist dach, bygelyks troch te skriuwen:

Groetnis fan/Dyn .../Leafs, /Hertliks/Heechachtsjend

Lit maksimaal trije learlingen harren brief foarlêze. Freegje dêrnei wa't it bist op it briefke skreaun hat en oft it bist bliid is mei de post. NB It kin fansels sa wêze dat mear learlingen itselde bist opskreaun hawwe.

ALFABATTLE



Neist fabels binne der ek mearkes. Hiel bekende âlde mearkes binne skreaun troch de bruorren Grimm en Hans Christian Andersen. Dy kinst ek yn it Frysk lêze, *Mearkes fan Grimm* (Bornmeer, 2012) is oerset en makke troch Anne Popkema, Peter Boersma en Hilda Groenesteyn.

Hjoeddeiske mearkeskriuwers binne Annet Schaap en Janneke Schotveld. Mearkes gean lykas fabels faak oer goed en kwea. De personaazjes binne faak gewoane minsken, minsken fan adel en fantasypersoanen, lykas reuzen, heksen en feeën. Ek yn mearkes kinne bisten in grutte rol spylje, tink oan *De gelaarsde kat*. Wat witsto fan mearkes? Hokker mearkes kensto? Bisto dêr út foarlêzen? Hast se sels lêzen? Hast se op film sjoen? Doch de mearkesalfabattle. Meist yn it Frysk en it Nederlânsk skriuwe. NB learlingen meie net it ynternet op foar dizze opdracht. Elk twatal krijt 5 minuten foar de alfabattle.

1. Meitsje twatalen.
2. Skriuw per letter fan it alfabet in wurd op dat te krijen hat mei in mearke. It mei de titel wêze, in plak of in personaazje of foarwerp.
3. Ynventarisearje wa't by de measte letters eat opskreaun hat.
4. Besprek it letter foar letter nei, sa wurdt it mearkesûnthâld fan de learlingen wer oansprutsen.

Foarbyld:

Asepoester

Bosk

Sinesse nachtegeal

Dwergen

Eart

Fleanend tapyt

Gepetto

Heks

I...

Tip: net lûd prate, want dan helpst de oare twatalen!

WURKBLÊD 1 - BETINK IN FERHAAL BY DE YLLUSTRASJE

